

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

Frysk yn de foarskoalske faze


Advys oan de Provinsje Fryslân en de Ryksoerheid

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

Frysk yn de foarskoalske faze

Advys oan de Provinsje Fryslân en de Ryksoerheid



Gearfetting

Sawol de Provinsje Fryslân, it Ryk as de Ried fan Europa ûnderstreekje yn harren bestjoersôfspraken en rapportaazjes it belang fan de trochgeande learline foar it beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal.

De foarskoalske faze is dêryn in kwetsbere skeakel om't der gjin wetlik foech leit: pjutteboartersplakken en berne-opfang binne net ferplichte om Frysk oan te bieden. De helte fan de lokaasjes yn Fryslân docht dat lykwols al, tanksij de jierrenlange ynset fan de Provinsje Fryslân, SFBO en belutsen meiwurkers.

Hoe kin it dat de oare helte dat net docht en dat bern dus noch net oeral yn de provinsje tichtby hûs tagong ha ta Frysktalige berne-opfang? DINGtiid, orgaan foar de Fryske taal, hat him de ôfrûne moannen oer dy fraach bûgd, mei as doel om Ryk en Provinsje Fryslân dêroer advisearje te kinnen. Dat hawwe wy dien troch mei alle belanghawwenden te praten en te hearren wêr't sy mooglikheden sjogge om dy sitewaasje te ferbetterjen.

Dy petearen mei it fjild befêstigje eardere konstatearrings en oanbefellings fan de Ried fan Europa en it Ryk: de trochgeande learline Frysk moat boarge wurde troch Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis fuort te sterkjen. Krekt om't dat in sektor is dêr't gjin wetlik foech leit, freget soks om beslissend liiderskip fan de Provinsje en fan de gemeenten.

Yn dit rapport wurde ferskate mooglikheden en kânsen sinjearre. De wichtichste konstatearring is dat der gjin draachflak is foar in ekstra wetlike ferplichting. De belangrykste oanbefelling leit yn it ferlingde fan eardere advizen fan de Ried van Europa en it Ryk en wurdt dien oan de Provinsje Fryslân: meitsje dy skeakel yn de trochgeande line ta prioriteit en toan beslissend liiderskip. It is krúsjaal foar it boargjen fan de trochgeande learline en der is ferlet fan en draachflak foar sok liiderskip yn it fjild.

Ynhâldsopjefte

1 Yntroduksje	5
2 Definysjes en wetlik/beliedsmjittich ramt	12
3 Praktyk: twatalige berne-opfang yn Fryslân	17
4 Konklúzje en oanbefellings	25
5 Boarnen	28
Taheakke 1 Petearpartners	31

1 Yntroduksje


Frysk yn Fryslân

Yn Fryslân wurdt troch de mearderheid fan de ynwenners (sa'n 70%) sawol Frysk as Nederlânsk praat. De rest fan de ynwenners fan Fryslân behearsket it Frysk passyf en fierwei it grutste part jout oan it prima ferstean te kinnen (Provinsje Fryslân, 2020). In grut part fan dy Fryskpraters is dat al fan jongs ôf oan. Bern dy't opgroeie yn Fryslân, krije it Frysk fan hûs út mei en/of komme bûtendoar yn oanrekking mei it Frysk: by freonen, famylje, yn de winkel, op strjitte, of – fan de leeftyd fan fjouwer ôf – op skoalle. Ek foardat se nei skoalle gean, kin it al wêze dat sy it Frysk tsjinkomme op it bernedeiferbliuw of lokaasjes foar pjutte-opfang. Yn Fryslân is nammentlik justjes mear as de helte fan alle berne-opfanglokaasjes sertifisearre troch it Sintrum Frysktalige Berne-opfang en dêrmei offisjeel twatalich Frysk-Nederlânsk (SFBO, 2022).

Dat bern op de berne-opfang yn oanrekking komme mei it Frysk is tige wichtich foar harren taalûntjouwing, en foar de Fryske taaloerdracht. Ut tal fan ûndersiken docht bliken dat substansjele ynput – dus: taaloanbod – krúsjaal is foar in suksesfolle taalûntjouwing. Boppedat jildt: wat jonger it bern, nammerste grutter de kâns dat in sterke taalûntjouwing berikt wurdt (de Graaf, Delarue, & De Coninck, 2019). As dy ynput fan it Frysk der net is, bestiet der risiko op taalferlies. Dat betsjut dat ek by bern dy't it Frysk fan hûs út meikrije, de kâns bestiet dat sy harren thústaal ferlieze wannear't sy te min ynput krije yn it Frysk. It is dêrom tige wichtich om al yn de foarksoalske perioade bern fan ynput yn harren thústaal te foarsjen (Cummins, 2001).

In suksesfolle taalûntjouwing is net allinnich weardefol foar it yndividuele bern. Yn grutter ferbân is it trochjaan fan de Fryske taal oan de folgjende generaasje ek wichtich foar de fitaliteit en takomstbestendichheid fan it Frysk. Ut ûndersyk docht kear op kear bliken dat, al docht it Frysk it better as oare streektalen, in delgong te sjen is fan it tal sprekkers (Versloot, 2020; Provinsje Fryslân, 2020). Sa bliuwt de situaasje, nettjinsteande grutte ynspannings fan Ryk en Provinsje, ûnfermindere kwetsber.

It ferrin fan it streektaalgebrûk op basis fan bertejier



Figuer 1: Streektaalgebrûk yn Nederlân, neffens bertejier (Versloot, 2020)

Soarchplicht Ryk en Provinsje: trochgeande learline Frysk


Len fan de ambysjes fan de Provinsje Fryslân is dat, "fan pjut oant promovendus, de goede rânebetingsten foar it balansearre oanbieden fan de Fryske taal kreëarre binne". Dy ambysje is ferwurde yn de Bestjoers-ôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK 2019-2023, s. 13), dêr't it Ryk en de Provinsje Fryslân ôfspraken yn meitsje en doelen yn stelle oangeande it befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer (Ryksoerheid, 2018).

Dy ambysje komt fuort út de soarchplicht foar it Frysk, dy't Ryk en Provinsje hawwe. It Frysk hat as minderheidstaal yn Nederlân in spesjale status. Mei de Wet gebrûk Fryske taal út 2014 is nammentlik wetlik fêstlein dat Frysk en Nederlânsk de offisjele talen binne yn de provinsje Fryslân. Net allinnich troch lanlike wetjouwing, mar ek troch ferplichtings dy't Nederlân oangien is yn Europeesk ferbân wurdt soarch droegen foar it Frysk. Europeeske minderheidstalen as it Frysk kinne omreden fan harren kwetsbere posysje op Europeesk nivo beskerme wurde troch it Ramtferdrach foar de beskerming fan Nasjonale minderheden (hjirnei: it Ramtferdrach) en it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (hjirnei: it Hânfêst) – as harren lân it Ramtferdrach

en/of Hânfêst alteast ûndertekene en ratifisearre hat. Nederlân hat de ratifikaasje fan it Hânfêst yn 1996 trochfierd, en him dêrmei ferplichte ta it aktyf beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal. It Ramtferdrach waard yn febrewaris 2005 ratifisearre. De BFTK is eins de ymplementaasje fan dy Europeeske ôfspraken.

It beskermjen en befoarderjen fan it Frysk betsjut – neist alle rânebetingsten dy't nedich binne op it mêd fan it brûken fan de taal – úteinlik: it lykhâlden of fergrutsjen fan it tal sprekkers. Underwiis is dêrfoar ien fan de wichtichste middels, en dêrmei ek ien fan de wichtichste ûnderwerpen yn it Hânfêst en yn de BFTK. Troch it ûnderwiis kin in soad berikt wurde oangeande it befoarderjen fan it tal sprekkers en de kwaliteit fan it Frysk.

Underwiis is in breed begryp. Dat rint fan foarskoalske edukaasje oant en mei wittenskiplike promoasjeplakken. Krúsjaal dêrby is it goed opinoar oansluten fan de ferskillende learfasen en ûnderwiisnivo's. As it bern pas op de basisskoalle yn oanrekking komt mei it Frysk en op de berne-opfang allinnich Nederlânsk heard hat, is al in krúsjale slach ferlern. De taalynput dy't it jonge bern krijt, foarmet nammentlik syn taalidentiteit (Cummins, 2001).



Figuer 2: Trochgeande learline: de fasen fan foarskoalsk oant wittenskiplik en beropsûnderwiis

Frysk yn de foarskoalske faze

Yn it Hânfêst (Council of Europe, 1992, artikel 8.1.a) stiet it folgjende artikel oer foarskoalsk ûnderwiis, dêr't Nederlân kêst a.ii fan ûndertekene hat:

1. *With regard to education, the Parties undertake, within the territory in which such languages are used, according to the situation of each of these languages, and without prejudice to the teaching of the official language(s) of the State:*
 - a)
 - i) *to make available pre-school education in the relevant regional or minority languages; or*
 - ii) **to make available a substantial part of pre-school education in the relevant regional or minority languages; or**
 - iii) *to apply one of the measures provided for under (i) and (ii) above at least to those pupils whose families so request and whose number is considered sufficient; or*
 - iv) *if the public authorities have no direct competence in the field of pre-school education, to favour and/or encourage the application of the measures referred to under (i) to (iii) above;*

Mei foarskoalsk ûnderwiis wurde de ynstitúsjonalisearre en organisearre foarmen fan berne-opfang foar bern fan 0-4 jier bedoeld, dy't ek offisjeel troch de oerheid bekostige ierfoarskoalske vve-programma's¹ fersoargje meie: bernedeiferbliuwen en lokaasjes foar pjutte-opfang².

¹ Vve betsjut 'voor- en vroegschoolse educatie'. It doel fan vve is om bern mei (in risiko op) in ûnderwiisferstân in bettere start te jaan. Bern kinne dy foarm fan edukaasje folgje op in lokaasje foar pjutte-opfang of op de berne-opfang. De gemeente bepaalt oft in bern dêrfoar yn oanmerking komt. Dat giet meastal fia it konsultaasjeburo, dat it bern dan in saneamde vve-yndikaasje jout. Yn alle gemeenten jilde oare betingsten foar dy vve-yndikaasje. (Rijksverheid, g.d.-a).

² Yn seksje 2 wurdt neier yngong op de ferskillen tusken dy foarmen fan berne-opfang.

Op basis fan it lêste rapport fan de Europeeske Committee of Experts, dêr't yn hifke wurdt hoe goed oft Nederlân him oan it Hânfêst hâldt en hoe't it derfoar stiet mei it Frysk, waard oan Nederlân troch it Committee of Ministers mei klam oanbefelle om it Frysktalige ûnderwiis op alle nivo's fan edukaasje fuort te sterkjen (Committee of Ministers, 2020). As reaksje dêrop ferwiist it Ryk nei de BFTK en Taalplan Frysk 2030, en seit it Ryk it folgjende oer de foarskoalske faze en de rol fan de Provinsje:

"The role of Frisian will also be strengthened in the education sectors where it is not a mandatory subject (early childhood education, secondary vocational education, higher education and special education). This requires decisive guidance by the provincial authorities." (Committee of Experts, 2019 s. 32)

Provinsje en Ryk ûnderstreekje yn de lêste BFTK yndie it belang fan de trochgeande learline (BFTK 2019-2023, s. 15) en de Provinsje Fryslân hat yn 'e mande mei ferskate partners út it fjild spesifike ambysjes oangeande Frysk yn it ûnderwiis fierder útwurke yn it Taalplan Frysk 2030 (Provinsje Fryslân, g.d.-a). Mei Taalplan Frysk 2030 hat de Provinsje it doel om alle bern yn Fryslân de mooglikheid te jaan om it Frysk te learen. De Provinsje stribbet dernei dat it fak Frysk uterlik yn 2030 op "alle basisskoallen en skoallen foar it fuortset ûnderwiis op foldwaande nivo oanbean wurdt". By de oare ûnderwiisnivo's (foarskoalske edukaasje, mbû, hbû, universiteit en spesjaal ûnderwiis) wurdt ynset op it "fuortsterkjen fan de trochgeande learline" (Provinsje Fryslân, g.d.-b).

Wat de foarskoalske faze oanbelanget, hat de Provinsje de útfiering fan syn ambysjes foar it grutste part belein by it Sintrum Frysktalige Berne-opfang (hjrnei: SFBO), dat troch de Provinsje bekostige wurdt. Dat is in organisaasje dy't lokaasjes yn it foarskoalsk ûnderwiis stipet by it ûntwikkeljen fan taalbelied en de útfiering dêrfan yn de praktyk.

Ut de soarchplicht foar it Frysk wei hat it Ryk op syn beurt yn de Wet Kinderopvang (2005; WkO. Hjrnei: Wet Berne-opfang) romte jûn oan bernedeiferbliuwen en lokaasjes foar pjutte-opfang om it Frysk te brûken neist it Nederlânsk: "Daar waar naast de Nederlandse taal, de Friese taal of een streektaal in levend gebruik is, kan de Friese taal of de streektaal mede als voertaal worden gebruikt" (Wet Berne-opfang, kêst 1.55, lid 1). Sa'n selde romte wurdt dus ek makke foar oare libbene streektalen yn Nederlân. Mar ek yn in grutter ramt blykt dat it Ryk him mear en mear

bewust wurdt fan it belang fan twa- en meartaligens yn de foarskoalske faze. It Ministearje fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid hat resint noch in grut ûndersyk útfiere litten troch de Universiteit fan Amsterdam nei de foardielen en gefolgen fan meartalige (yn dit gefal Ingelsk-Nederlânske) berne-opfang. De ûndersikers konkludearje dat de wei frij makke wurde moatte soe om meartalige dei-opfang op gruttere skaal mooglik te meitsjen (Mind-team, 2021).

Doelstelling en lêswizer

Alle noazen stean deselde kant op, sa liket it. Mar as de foardielen fan meartaligens yn de foarskoalske faze en fan it belang fan dy faze foar it suksesfol trochjaan fan it Frysk algemien bekend binne, hoe kin it dan dat noch mar justjes mear as de helte fan de lokaasjes foar berne-opfang of pjutte-opfang twatalich is? Mei as gefolch dat âlden en har bern noch net rûnom yn Fryslân goede tagong hawwe ta Frysktalige berne-opfang.

DINGtiid hat him de ôfrûne moannen bûgd oer dy fraach, mei as doel om Ryk en Provinsje Fryslân dêroer advisearje te kinnen. Dat hawwe wy dien troch mei alle belanghawwenden te praten en te hearren wêr't sy mooglikheden sjogge. Wy hawwe ús spesifyk rjochte op de twa foarmen fan organisearre/ynstitúsjonalisearre berne-opfang dy't der yn Nederlân binne foar bern yn de leeftydskategory 0-4 jier: bernedeiferbliuwen en lokaasjes foar pjutte-opfang. Wy litte âlderpartisipaasjekressen of gastâlden hjir dus bûten beskôging.

De fokus lei op de folgjende fragen:

- Wa binne ferantwurdlik foar it realisearjen fan de ambysjes op it mêd fan de Fryske taal yn de foarskoalske faze?
- Hoe kinne oerheden mear greep krije op dy kommersjele sektor?
- Wurde foarskoalske lokaasjes genôch fasilitearre by it oanbieden fan it Frysk?
- Soe it wetlik ferplichte wurde moatte om Frysk oan te bieden op it bernedeiferbliuw of lokaasjes foar pjutte-opfang?
- Hoe sjocht it fjild it Frysk yn de foarskoalske faze?
- Wat soe der oars kinne om it Frysk in better plak te jaan binnen it foarskoalsk ûnderwiis?

Dit rapport is as folget opboud: yn seksje 2 wurdt relevante eftergrûnynformaasje jûn en de kontekst sketst. Dêrby wurdt oandacht bestege oan de oanbelangjende (en bytiden yngewikkelde) wet- en regeljouwing yn de foarskoalske faze. Ek wurde dêr de ambysjes fan Ryk en Provinsje Fryslân oangeande Frysk yn de berne-opfang oanhelle. Yn seksje 3 wurdt stilstien by de praktyk: hoe wurdt op dit stuit troch ferskate partijen yn it fjild útfiering jûn oan dy ambysjes en wêr lizze neffens harren de problemen, mooglikheden en kânsen? Seksje 4 befettet de konklúzjes en jout konkrete oanbefellings oan sawol Ryk, Provinsje as gemeenten.

Yn taheakke 1 stean ús petearpartners opnommen. Yn it rapport sels wurdt net direkt ferwiisd nei de petearen dy't wy fierd hawwe, mar wurdt in dielde fyzje presintearre. Dy fyzje ha wy optekene op basis fan alle petearen en dy is yn konsept oan de partijen yn it fjild foarlein en mei harren bepraat yn in DINGpetear op 3 oktober 2022.

2 Definysjes en wetlik/beliedsmjittich ramt

Berne-opfang yn Nederlân

It lanlik belied foar berne-opfang hat twa doelen: (1) de arbeidsparticipaasje fan âlden befoarderje en (2) de ûntwikkeling fan bern stimulearje. Yn de Wet Berne-opfang binne der foar bern fan 0 oant 4 jier twa wetlike foarmen fan berne-opfang: **it bernedeiferbliuw** en **de gastâlderopfang**. De gastâlderopfang litte wy yn dit advys bûten beskôging.

Wurkjende âlden krije, ôfhinklik fan harren ynkommen, berne-opfangtaslach foar it gebrûk fan bernedeiferbliuw fan it Ryk fia de Belestingsjinst. Gemeenten hawwe de taak om te stimulearjen dat pjutten, dêr't de âlden fan net yn oanmerking komme foar de berne-opfangtaslach, ek meidwaan kinne oan berne-opfang en edukaasjeprogramma's. Meastentiids soargje gemeenten foar in subsydze foar twa deidielen (8 oeren de wike, 40 wiken it jier). Alden betelje yn dy gefallen in âlderbydrage, lykas de eigen bydrage fan âlden dy't berne-opfangtaslach krije.

Groepen mei bern fan 2 oant 4 jier wurde faak **pjutte-opfang** neamd. Mei de Wet harmonisatie kinderopvang en peuterspeelzaalwerk (2018) waarden de eardere pjutteboartersplakken lyksteld oan pjutte-opfang en moasten dy foldwaan oan deselde kwaliteitseasken as in bernedeiferbliuw. Sûnt 2018 stean allinnich bernedeiferbliuwen – ferplichte – registrearre yn it Landelijk Register Kinderopvang (LRK).

Op sawol bernedeiferbliuwen as lokaasjes foar pjutte-opfang kin vve fersoarge wurde. Vve is foarskoalske edukaasje foar bern fan 2,5 oant 4 jier âld. It konsultaasjeburo jout bern mei (risiko op) in ûnderwiisefterstân in saneamde vve-yndikaasje. Yn elke gemeente jilde oare betingsten foar dy vve-yndikaasje (Ryksoerheid, g.d.-a). De Fryske gemeenten hawwe mei de GGD Fryslân sawat allegearre deselde definysje fan de vve-doelgroep. De foarskoalske edukaasje is foar bern mei in vve-yndikaasje in ferplicht programma foar dielnimming fan 16 oeren de wike. Alden betelje in âlderbydrage foar 8 oeren de wike, fia de berne-opfangtaslach of fia de wurkwize foar de pjutte-opfang. Gemeenten betelje de ekstra 8 oeren de wike.

Tafersjoch

Gemeenten binne ferantwurdlik foar de hanthavening fan de kwaliteitseasken yn de berne-opfang (Ryksoerheid, g.d.-b). De ûnderwiisynspeksje sjocht derop ta dat gemeenten hanthavenje op de kwaliteit (Ynspeksje fan it Underwiis, 2022). De gemeente hat de ynspeksje fan berne-opfang belein by de GGD. De GGD sjocht by de ynspeksje nei fjouwer spesifike tema's: (1) de ûntwikkeling fan it bern, (2) de feilichheid fan de berne-opfang, (3) fêste gesichten en groepen op 'e berne-opfang en (4) de oplieding en stipe fan meiwurkers op 'e berne-opfang (Ryksoerheid, g.d.-b). Soks as taalbelied is gjin ferplicht ûnderdiel fan it pedagogysk belied en falt dus ek net binnen ien fan de tema's dêr't tafersjoch op holden wurdt. De GGD hifket wol op fiertaal neffens kêst 1.55 fan de Wet Berne-opfang.

Wetlik en beliedsmjittich ramt: Frysk yn de berne-opfang

Europeesk Hânfêst

Mei de ratifikaasje fan it Hânfêst hat Nederlân him ferplichte ta de beskerming en befoarderding fan it Frysk. Under oaren op it mêd fan ûnderwiis (Council of Europe, 2022), en dêrmei ek spesifyk it foarskoalsk ûnderwiis (artikel 8.1.a.ii) (Council of Europe, 1992):

Artikel 8.1.a.ii: ... to make available a substantial part of pre-school education in the relevant regional or minority languages.

Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden

It Ramtferdrach is in ferdrach foar it beskermjen fan persoanen dy't ta in nasjonale minderheid behearre. It Ramtferdrach beskriuwt rjochten dy't nasjonale minderheden hawwe en de ferplichtingen dy't in steat tsjinoer dy nasjonale minderheden hat.

Op it mêd fan ûnderwiis hat de steat, yn dit gefal Nederlân, de ferplichting om ûnderwiis yn de minderheidstaal te fersoargjen, op sawol private as publike skoallen (Council of Europe, 2022). Yn kêst 14 fan it Ramtferdrach wurdt yngien op it rjocht om as nasjonale minderheid de minderheidstaal te learen:

Article 14

- 1. The Parties undertake to recognise that every person belonging to a national minority has the right to learn his or her minority language.*

2. *In areas inhabited by persons belonging to national minorities traditionally or in substantial numbers, if there is sufficient demand, the Parties shall endeavour to ensure, as far as possible and within the framework of their education systems, that persons belonging to those minorities have adequate opportunities for being taught the minority language or for receiving instruction in this language.*
3. *Paragraph 2 of this Article shall be implemented without prejudice to the learning of the official language or the teaching in this language.*

Wet gebrûk Fryske taal

Yn de Wet gebrûk Fryske taal fan 2014 is wetlik fêstlein dat Frysk en Nederlânsk de offisjele talen binne yn de provinsje Fryslân (Overheid, 2014).

Frysk yn de Wet Berne-opfang

Yn de Wet Berne-opfang, kêst 1.55, wurdt it brûken fan it Frysk yn de berne-opfang tastien: "Bij kinderopvang in een kindercentrum of in een voorziening voor gastouderopvang wordt de Nederlandse taal als voertaal gebruikt. Daar waar naast de Nederlandse taal, de Friese taal of een streektaal in levend gebruik is, kan de Friese taal of de streektaal mede als voertaal worden gebruikt" (Oerheid, 2022,-a). It Frysk mei dus neist it Nederlânsk brûkt wurde, mar der leit gjin wetlike ferplichting foar it brûken fan it Frysk. Dat ferskilt bot mei de situaasje yn it primêr en fuortset ûnderwiis, dêr't dy ferplichting foar skoallen yn it Fryske taalgebiet wol yn de wet opnommen is (Provinsje Fryslân, g.d.-c).

Dielde ambysjes: BFTK

Mei as basis it Hânfêst, it Ramtferdrach en lanlike wetjouwing, wurde yn de BFTK de ôfspraken tusken Ryk en Provinsje fêstlein oangeande it befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer (Ryksoerheid, 2018). Yn dy BFTK wurdt ek yngien op de befoarderding fan it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis.

Sa hawwe Ryk en Provinsje – lykas earder al oanhelle – mei-inoar ôfpraat dat, "fan pjut oant promovendus, de goede rânebetingsten foar it balansearre oanbieden fan de Fryske taal kreëarre binne" (BFTK 2019-2023, s. 13) en dat de ferskillende ûnderwiisnivo's goed opinoar oanslute (BFTK 2019-2023, s. 15). Ek wolle Ryk en Provinsje "genôch opliedingsmooglik-

heden (ynkl. neiskoalling) foar begelieders yn foarskoalske foarsjennings" (BFTK 2019-2023, s. 15) fersoargje, lykas "adekwate foarljochting oan âlden, berne-opfangorganisaasjes en de oanbelangjende soarch- en ûnderwiisinstellings oer it belang fan en it omgean mei it Frysk yn in meartalige opfieding" (BFTK 2019-2023, s. 17-18).

Oer it materiaal foar it foarskoalsk ûnderwiis wurdt skreaun dat der genôch materiaal foar de doelgroep fan 0 - 4 jier beskikber is, en makke wurde sil. Ek sil dat materiaal struktureel brûkt wurde (BFTK 2019-2023, s. 18).

Ta beslút set de Provinsje yn "op de fierdere groei en beskikberens fan Fryske, twa- of meartalige foarsjennings foar berne-opfang, pjutte-opfang en gastâlderopfang foar alle âlden yn Fryslân. Dêrby is it boargjen fan kwaliteit en de begelieding ryklik sa wichtich as de kwantitative groei" (BFTK 2019-2023, s. 19). De spesifike ambysjes fan de Provinsje út en de dêrby behelle partners oangeande Frysk yn it ûnderwiis binne fierder útwurke yn it Taalplan Frysk 2030 (Provinsje Fryslân, 2021).

Lanlike ûntjouwings

Meartaligens yn de foarskoalske faze

As fertaling fan de ûndertekene ferplichting yn it Hânfêst hat it Ryk Frysk yn de berne-opfang mooglik makke troch de Wet Berne-opfang dêrop oan te passen. De útsûndering op it algemiene foarskrift yn de earste sin fan it wetsartikel 1.55 ("... de Nederlandse taal als voertaal..."), jildt allinnich foar regionale en streektalen, dus net foar migrantetalen. Datselde wetsartikel biedt yn de tredde sin wol dizze romte: "... meartalige buitenschoolse opvang kan worden verzorgd." Meartaligens yn algemiene sin is fansels breder: in protte bern yn Nederlân binne twatalich om't sy in oare taal as thústaal hawwe.

Ek dy meartaligens yn algemiene sin hat tsjintwurdich de oandacht fan it Ryk, sa docht bliken út in ûndersyk dat it Ministearje fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid resint útfiere litten hat troch de Universiteit fan Amsterdam nei meartaligens yn de berne-opfang. Yn binnen- en bûtenlân is hieltyd mear oandacht foar meartaligens yn it ûnderwiis en de positive effekten dy't dat hat op de taalûntjouwing, likegoed as de kognitive en sosjaal-emosjonele ûntjouwing fan bern. Der wurde hieltyd faker meartalige learlinen oanbean yn it heger, fuortset en basisûnderwiis en dat hat ek laat ta mear fraach nei meartalige berne-

opfangmooglikheden. Dat wie resint reden foar it Ministearje fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid om it ûndersyk nei meartaligens yn de berne-opfang útfiere te litten. It gie dêrby om in proef dêr't yn sjoen waard nei it oanbieden fan twatalige opfang dêr't Nederlânsk en Ingelsk as fiertaal brûkt waarden.

De resultaten fan it ûndersyk litte sjen dat wat mear oanbod oft der yn de frjemde taal wie, nammerste better it begryp en gebrûk fan dy taal waard. It oanbieden fan maksimaal 50% fan it oanbod yn it Ingelsk like gjin negative ynfloed te hawwen op de Nederlânske taalûntjouwing fan de bern. Dêrom konstatearret it MIND-team dat, mei it each op de meartalige wrâld dêr't wy ús yn befine, "de wei frij makke wurde moatte soe om meartalige dei-opfang op gruttere skaal mooglik te meitsjen". Dêrneist set it team ek yn op it brûken fan de ferskate thústalen dy't in groep ryk is. Lokaasjes kinne sa sjen litte dat alle talen in plakje hawwe kinne op de opfang, en dat soks in positive ynfloed op it selsbetrouwen en wolwêzen fan de bern hat (Projekt MIND-team, 2021).

Sokke meartaligens spilet fansels ek yn Fryslân. It is in ekstra útdaging dêr't foarskoalske lokaasjes foar stean, neist it jaan fan in plak oan it Frysk neist it Nederlânsk.

De meartalige wrâld dêr't wy ús yn befine, fergruttet boppedat it belang fan taalbelied, dêr't berne-opfanglokaasjes harren fyzje op (meartalige) taalûntjouwing yn dellizze en taljochtsje kinne. Op it heden is dat noch gjin ferplichte ûnderdiel fan it pedagogysk belied en dus wurdt dêr ek gjin tafersjoch op holden troch de GGD.

3 Praktyk: twatalige berne-opfang yn Fryslân

SFBO

Sintrum Frysktalige Berne-opfang is de troch de Provinsje bekostige organisaasje dy't fan ûnderop besiket om berne-opfangorganisaasjes de mearwearde fan twatalich ûnderwiis sjen te litten en harren stipet by it oanbieden dêrfan. Fierder soarget SFBO foar de sertifisearring fan de lokaasjes en fersoarget it, mei de Afûk, passend materiaal dat oanslút by de fraach fan it fjild.

Der binne ferskillende modellen om yn de praktyk mei it twatalige belied te wurkjen. SFBO sjocht dêrby altyd nei de mooglikheden dy't der binne per lokaasje. De rânebetinksten binne altyd dat it Frysk in grut oandiel yn it gehiel hawwe moat (op syn minst 50%). Dêrneist wurde der dúdlike taalôfspraken makke, sadat de talen net trochinoar oanbean wurde, mar dúdlik ôfbeakene binne. De taalôfspraken wurde op maat makke mei de begelieding fan it SFBO (SFBO, e-mail, 18 oktober 2022).

In ûnôfhinklike fisitaasjekommisje fan SFBO beoardielet de lokaasjes op it útfieren fan it belied. As de lokaasje foldocht oan de stelde easken, kin dy yn oanmerking komme foar in sertifikaat en in subsydzje fan €2.250 fan de Provinsje Fryslân (SFBO, 2022). Dy ûnôfhinklike fisitaasjekommisje sjocht spesifyk nei it oanbod fan twatalich ûnderwiis op in lokaasje. De lanlike ynspeksje sjocht dêr net nei.

De gearwurking tusken SFBO en twatalige lokaasjes wurket goed. Lokaasjes binne bot te sprekken oer de begelieding fan SFBO út, it materiaal is goed beskikber en foldocht ek goed. Dat de lokaasjes it oanbieden fan twatalich ûnderwiis der ekstra by dogge, neist alle oare ferplichtings, lit wol sjen dat der grutte belutsenheid is by it Frysk, mar ek dat der in soad enerzjy fan dy lokaasjes en SFBO útgiet.


De Provinsje hat boppedat de subsydzjeregeling 'Frysk foar no en letter' yn it libben roppen. Dy regeling biedt skoallen yn de provinsje Fryslân finansjele mooglikheden om de Fryske taal en kultuer fuort te sterkjen en is ornearre foar (nei)skoalling, les- en lêsmateriaal, kultueredukaasje en de ekstra ynset fan meiwurkers, learkrêften en dosinten (Provinsje Fryslân, 2022,-b).

Oantal twatalige lokaasjes

Op it stuit binne der yn totaal sa'n 375 ta 400 berne-opfanglokaasjes en lokaasjes foar pjutte-opfang yn Fryslân (SFBO, e-mail, 30 maaie 2022), dêr't 260 lokaasjes twatalich fan binne; dat is likernôch 60% (SFBO, e-mail, 3 juny 2022).³

Berne-opfang lokaasjes yn Fryslân

- Nederlânsktalige opfang
- Twatalige opfang



Figuer 3: Ferdieling Nederlânsktalige opfang en twatalige opfang yn Fryslân

De ôfrûne jierren is troch opfangorganisaasjes yn gearwurking mei SFBO wurke oan de taname fan it tal twatalige opfanglokaasjes yn de gruttere, mear Nederlânsktalige plakken yn Fryslân. Dochs bliuwt it oanbod neffens SFBO noch hieltyd efter by de fraach en binne twatalige lokaasjes yn gruttere stêden net altyd goed berikber foar âlden (Ryksoerheid, 2021). De provinsje Fryslân hat boppedat te krijen mei krimp, wêrtroch't fúzjes plakhawwe of lokaasjes opheft wurde. Dat hat ek ynfloed op it oanbod fan twatalige lokaasjes. Lokaasjes dy't earder twatalich wiene, binne dat soms net mear as sy oernommen wurde troch in nije partij. Benammen as sa'n partij fan bûten Fryslân komt en net bekend is of minder affiniteit hat mei de twatalige Fryske situaasje.

Yn de BFTK hat de Provinsje Fryslân gjin konkrete doelen opnaam as it giet om de taname en de beskikberens fan twa- of meartalige berne-opfanglokaasjes. Neffens eigen sizzen is dat bewust en is de Provinsje dêr hoeden mei om't de sifers bot wikselje kinne: in fúzje kin betsjutte dat der ynienen in hiel espel twatalige lokaasjes ferdwynt (Mercator Europeesk Kenissintrum foar Meartaligens en Taallearen, 2021).

³ In part fan de lokaasjes yn Fryslân befynt him lykwols yn net-Frysktalige gebieten, lykas de Waadeilannen of de Stellingwerven.

Gearwurking: Taalplan Frysk 2030 en de trochgeande learline

Yn Taalplan Frysk 2030 is ien fan de trije doelstellings om de oansluting fan it foarskoalsk ûnderwiis op it primêr ûnderwiis te ferbetterjen; hoe't dat krekt stal krije sil, is op it stuit fan skriuwen noch net konkreet makke (Provinsje Fryslân, 2021). Ut de petearen mei it fjild kin wol opmakke wurde dat dy oansluting op it stuit noch net optimaal is, troch ferskil yn it al of net brûken fan it Frysk en troch ferskillen tusken de metoaden. Dêr't op de opfang faak de metoade ien-begeliieder-ien-taal hantearre wurdt, krije bern op de basisskoalle bygelyks faak te krijen mei deidielen dêr't in spesifike taal op brûkt wurdt. De earste stappen om de oansluting tusken foarskoalsk en primêr ûnderwiis te ferbetterjen en dêrmei de learline te fersterkjen, binne al wol set troch de partijen dy't belutsen binne by Taalplan Frysk 2030 (Afûk, Cedin en SFBO). Bygelyks troch middel fan in pilot mei in oergongsboekje dat oanbean wurdt oan nije learlingen op de basisskoalle, dêr't de taalsituaasje fan bern yn beskreaun wurde kin.

Troch it organisearjen fan ekspertmeetings rjochte op de foarskoalske sektor en de ûnderbou wurdt fierder besocht om de gearwurking tusken ferskate Taalplan Frysk 2030-partners fuort te sterkjen. It doel fan de ekspertmeetings is om in bepaald tema of fraachstik fierder út te djiipjen troch diskusje of om yntervinsjes en produkten fierder te ûntwikkeljen.

Al mei al wurket it fjild, oanjage troch Taalplan Frysk 2030, mear en mear gear en wurdt in soad kennis útwiksele. Der is dúdlik in begjin makke mei it ferbetterjen fan de oansluting. Tagelyk stean de partners fansels noch mar oan it begjin fan de úteinlike doelen en sil de kommende jierren bliken dwaan moatte oft it allegearre wurket en fertuten docht.

Prinsipeel is it wichtich om op te merken dat de trochgeande learline fansels hielendal net fersterke wurde kin yn plakken dêr't dy line noch hielendal net bestiet, om't de basisskoalle wol wat oan Frysk docht mar lokaasjes foar pjutte-opfang of de berne-opfang net.

Personiel

De mjitte fan it oanbod Frysk liket faak noch ôfhinklik te wêzen fan spesifike persoanen. Dy ôfhinklikens makket it fjild kwetsber. Lanlik hawwe berne-opfangorganisaasjes boppedat te krijen mei persoanelsteakarten en dêrtroch hawwe de organisaasjes yn Fryslân faak net de mooglikheid om persoanel te selektarjen op taalbehearsking fan it Frysk.

Oplieding persoaniel

Om't meartalige ûntwikkeling en de Fryske taal gjin ûnderdiel binne fan it lanlike kwalifikaasjedossier fan de mbû-oplieding Pedagogysk meiwurker, hat it gjin fêst plak binnen de oplieding, wylst der wol fraach is nei persoaniel mei kennis fan sokke saken.

It fak Frysk wurdt op it stuit oanbean as kardiël. Op it Friesland College wurde de kardielen breed oanbean, wylst by Friese Poort alle opliedingen sels bepale hokker kardielen oft oanbean wurde. It kardiël Frysk wurdt pas sûnt 2021 oanbean op de Friese Poort yn Ljouwert en wurdt hielendal net oanbean op harren lokaasje yn Drachten. De Friese Poort en it Friesland College sille yn 2023 fusearje. It is noch net dúdlik wat foar gefolgen oft dat hawwe sil foar it oanbod Frysk.

Fan Taalplan Frysk 2030 út wurdt besocht om Frysk en meartaligens in fêster plak binnen de oplieding foar pedagogysk meiwurker te jaan om oankommende pedagogysk meiwurkers better ta te rieden op it meartalige wurkfjild dêr't sy mei te krijen hawwe yn Fryslân. Dêr't foarhinne workshops op oanfraach oanbean waarden troch SFBO, waard fan ein 2020 ôf eksperimintearre mei in pilot op it Friesland College. By dy pilot waarden seis ferskate lessen oer meartalige ûntwikkeling oanbean troch ferskillende Taalplan Frysk 2030-partners, lykas Cedin, Afûk en Tryater. Dy pilot wie ornearre foar studinten dy't dwaande wienen mei in learfraach oer meartalige ûntwikkeling; om dy reden luts de pilot mar in beheind tal studinten. Om mear studinten mei dat tema yn oanrekking komme te litten, wurdt no wurke oan in ferplichte dei oer de meartalige ûntwikkeling fan it jonge bern. Dy dei wurdt fersoarge troch ferskate Taalplan Frysk 2030-partners en is ornearre foar alle twaddejersstudinten (G)PW (Gespecialiseerd Pedagogisch Medewerker en OA (Onderwijsassistent)). It doel is dat it net by ien dei bliuwt, mar dat Frysk en meartaligens úteinlik in struktureel plak krije yn it reguliere programma. ROC Friese Poort makket wol gebrûk fan de gastlessen dy't oanbean wurde troch SFBO.

Wetlike ferplichting

It docht dúdlik bliken dat it fjild yntrinsyk sterk motivearre en belutsen is en dat ynstânsjes deromhinne drok dwaande binne mei de trochûntwikkeling en befoardering fan twatalich ûnderwiis. Dochs is it fjild kwetsber. Dat komt troch it ûntbrekken fan in wetlike ferankering fan it Frysk yn de foarskoalske faze en de ôfhinklikheid fan de belutsenheid

fan yndividuele lokaasjes en meiwurkers. Tagelyk leit dêr, neffens alle belutsenen dy't wy sprutsen hawwe, krekt de krêft. Harren ferwachting is dat in wetlike ferankering yn de praktyk neat opsmite sil, mar krekt liede sil ta wjerstân by ferskate foarskoalske lokaasjes, dy't op it stuit mei mear útdagings te krijen hawwe as allinnich it al of net twatalich wurden.

Rol fan gemeenten

De gemeenten spylje in wichtige rol yn dit ferhaal om't sy de oerheidslaach foarmje dy't streekrjocht kontakt hat mei yndividuele lokaasjes. Sy binne ferantwurdlik foar it tafersjoch, dat útbestege wurdt oan de GGD, en sy jouwe kaders mei oan de sektor troch middel fan harren feroardering berne-opfang/vve.

Gemeenten kinne dy kontakten mei lokaasjes brûke om it fjild yn beweging te bringen, en lokaasjes oan te moedigjen om yn petear te gean mei SFBO. Dat wurdt ek oanjûn yn de 'Zevende rapportage van Nederland' (Ryksoerheid, 2021), wêryn't it Ryk yngiet op de wichtichste ûntjouwings yn de perioade 2019-2021 oangeande de beskerming en befoardering fan de talen dy't erkend binne ûnder it Hânfêst yn Nederlân:

“Gemeenten kunnen hier een mogelijke rol in spelen door in de afspraken die zij maken met aanbieders van kinderopvang aandacht te vragen voor de beschikbaarheid en goede spreiding van tweetalige opvang” (Rijksoverheid, 2021, s. 10).

De befregde gemeenten lykje wol ree te wêzen om it Frysk yn de foarskoalske faze te stimulearjen. Dochs blykt der in soad ferskaat te wêzen yn de mjitte dêr't se dêrmei dwaande binne. Ut de petearen is wol dúdlik wurden, dat gemeenten faak mear dwaan kinne as dat sy no dogge, mar harren dêr net altyd bewust fan binne. De Provinsje Fryslân hat yn maaie 2021 in brief nei alle gemeenten stjoerd om harren te wizen op de mooglikheid om it Frysk op te nimmen yn de feroardering berne-opfang/vve; it brûken fan Frysk yn de berne-opfang kin in betingst wêze foar it jaan fan ekstra subsydzje foar vve. Dat is op it stuit fan skriuwen lykwols troch noch mar twa (gemeente Achtkarspelen en gemeente Waadhoeke) fan de yn totaal achttjin Fryske gemeenten ymplementearre.

Dat lytse oantal wurdt mooglik ferklearre troch fersplintering fan, of in beskaat tekoart oan, spesifike kennis oangeande dy sektor by de gemeenten. Binnen de gemeente binne de amtners dy't dwaande binne

mei taalbelied gauris net deselden as de amtners dy't dwaande binne mei de foarskoalske sektor. Dy twa domeinen falle somtiden ek ûnder oare wethâlders, wat net helpt foar de ferbining.

De Provinsje fart benammen op de kennis en ekspertize fan SFBO. Yn de praktyk hat dêrfandinne benammen SFBO kontakt mei de lokaasjes. De krêft fan SFBO is krekt dat sy fan ûnderop op wurkje. It soe harren suksesfolle oanpak ûndergrave as hja stjoerend optrede moatte soenen. Krekt dat is in taak dy't better past by de gemeenten, dy't op harren bar dêr wer mear op ferge wurde kinne troch de Provinsje Fryslân.

Ferlet fan stjoering

De kennis fan wetlike en technyske aspekten fan de foarskoalske sektor binnen de ferskate oerheidslagen is net optimaal. Dat makket it dreech om stjoering te jaan oan dy spesifike saken. It feit dat konkrete, mjitbere doelstellingen ûntbrekke yn de BFTK makket dat stjoering dêrop noch dreger is. En dat wylst út resint ûndersyk (Kingma, 2022) krekt bliken docht dat konkrete, mjitbere doelstellingen needsaaklik en effektyf binne yn it belied fan oare minderheidstaleregjo's yn Europa.

Ek út de petearen mei it fjild docht bliken dat der ferlet is fan stjoering fanút gemeenten, Provinsje en Ryk, sadat dúdlik is wêr't de partijen mei-inoar op ta wurkje.

WAADHOEKE

Foarbyld fan in stimulearjende gemeente

De gemeente Waadhoeke is in moai foarbyld fan in stimulearjende gemeente as it giet om Frysk en meartaligens yn de foarskoalske faze. It taalbelied fan de gemeente Waadhoeke wurdt basearre op it motto: útnûgjend, sichtber en fertroud. 'Attitude' hat de gemeente noch oan dat motto fêstplakt. It moat nammentlik fanselssprekkend wêze om it Nederlânsk, Frysk, Biltsk en/of Franekers op skoalle te praten.

Om saken te boargjen op dat mêd, hat de gemeente in kêst opnaam yn de Subsidieregeling Peuteropvang en Voor- en vroegschoolse educatie gemeente Waadhoeke 2022 (sjoch kêst. 10). Dêryn wurdt oanjûn dat de subsydjeûntfanger – yn dit gefal de berne-opfangorganisaasje – foldwaan moat oan it lokale taalbelied om yn oanmerking te kommen foar subsydje. Dat hâldt yn dat se meiwurkje oan "it oanbieden en ûntwikkeljen fan aktiviteiten foar taalûntjouwing en âlderbelutsenheid" en helpe by it stribjen om 80% fan de berne-opfang yn de gemeente twatalich oan te bieden (Overheid, 2022,-b). Op it stuit binne guon lokaasjes noch dwaande mei it sertifisearringstrajekt twataligens. 30 fan de 38 lokaasjes binne al sertifisearre twatalich.

Dochs rjochtet de gemeente Waadhoeke him net allinnich op de Frysk-Nederlânske taalûntjouwing, mar hat dy ek each foar de oare talen dy't praat wurde yn de gemeente. Meartaligens hat dêrom ek in plak yn de regeling. Sa wurdt der ek tocht oan bern fan Poalske arbeidsmigranten yn de gemeente. It foarlêzen yn de eigen taal is nammentlik ien fan de saken dêr't Waadhoeke op ynsette wol.

Om de ferskate partijen yn it fjild te moetsjen, ynformaasje út te wikseljen, gear te wurkjen en om te advisearjen, hat de gemeente it 'Taalplatfoarm Waadhoeke' opset. It platfoarm, dat laat wurdt troch de meartalichheidskoördinator fan de gemeente, bestiet út fertsjintwurdigers fan taalorganisaasjes, biblioteken, it ûnderwiis, de GGD, it kultuerfjild, de jongerieried, Afûk, de gemeente en de Provinsje Fryslân. Trije of fjouwer kear yn it jier komme de ferskate partijen byinoar om mei-inoar nei te tinken oer taalsaken.

Gemeente Waadhoeke set boppedat yn op iere foarljochting fan âlden, troch harren al foar de berte fan it bern oer de foardielen fan meartaligens te ynformearjen op ynformaasjejûnen fan it konsultaasjeburo. Om dat goed dwaan te kinnen, hat de gemeente de meiwurkers fan it konsultaasjeburo in training oer meartaligens en taalbewustwêzen fan de Afûk oanbean.

De GGD komt op de konsultaasjeburo's al ier mei it jonge bern yn kontakt en kin dêr sa âlden ek wer ynformearje oer meartaligens en de taalkar dy't sy meitsje kinne. Op de konsultaasjeburo's binne boekstart-coaches fan de biblioteek oanwêzich en ek minsken dy't de vve-yndikaasjes fersoargje. Mei-inoar kinne sy oan de âlden goede ynformaasje jaan.

4 Konklúzje en oanbefellings

It ôfrûne jier hat DINGtiid mei ferskate partijen yn petear west oer it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis. It liket op it each in meartalich suksesferhaal yn Nederlân: mear as de helte fan alle berne-opfanglokaasjes yn Fryslân is twatalich. Der is belied, der is ambysje, der is materiaal, der binne opliedings, der is stipe en in soad motivaasje yn it fjild...

Mar hoe kin it dan dat noch lang net alle lokaasjes de Fryske taal in fêst plak jûn hawwe en dat der dus noch altiten in soad âlden binne dy't gjin tagong ta Frysktalige opfang foar harren bern ha? Dêr binne meardere redenen foar. Fúzjes en it oernimmen fan lokaasjes bringe bygelyks it risiko mei fan it ferdwinen fan twatalige lokaasjes. En nettsjinsteande de ynspanningen fan Taalplan Frysk 2030, hawwe Fryske en meartalige ûntwikkeling noch hieltyd net in fêst plak binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker – wylst de fraach yn it fjild nei minsken mei kennis fan krekt sokke saken der perfoarst wol is. Ek de persoanlestekoarten yn de sektor, kombinearre mei de ôfhinklikheid fan de spesifike yndividuën dy't har ynsette foar it Frysk, meitsje it fjild kwetsber.

It giet allegearre yn tsjin de wetlik jildende lykweardigens fan Frysk en Nederlânsk yn de provinsje Fryslân, dy't ommers wol dat ûnbehindere tagong ta (diels) Frysktalige opfang en vve fanselssprekkend is.

Fjild: Net ferplichte, mar ek net frijbljuwend

De wichtichste fraach is dus hoe't it Frysk yn de foarskoalske faze better boarge wurde kin. Ferlet fan in aparte wetlike ferplichting is der fan it fjild út net. De fan-ûnderop-oanpak sa't dy al jierren troch benammen SFBO hantearre wurdt, wurket hiel goed; alle partijen dêr't mei praat is yn it ramt fan dit advys, fan lokaasjes oant gemeenten en Provinsje, binne dêr hiel wiis mei. En mei de Wet gebrûk Fryske Taal, it Europeesk Hânfêst en it Ramtferdrach lizze der eins al in soad brûkbere beliedsmjittige kaders op grûn wêrfan't der ambisjeus belied makke wurde kin. Mar wêr't it oan ûntbrekt is no krekt dat ambisjeuze belied. Troch Ryk en Provinsje wurde gjin konkrete doelstellings neamd yn de BFTK. Der is dan ek gjin stjoering fanút it Ryk, de Provinsje en de gemeenten, wierskynlik omdat gjinien fan dy oerheidspartijen him wier einferantwurdlik fielt. Utsein troch SFBO, dy't it yntern byhâldt, wurdt ek net troch oerheden kontrolearre hoefolle lokaasjes oft twatalich binne en hoefolle bern oft der gebrûk meitsje fan twatalige berne-opfang. Yn de praktyk komt in soad op de buro's fan

SFBO telâne, wylst de ferskate oerheden mei-inoar hiel goed wurkje kinne soene oan it stimulearjen fan de lokaasjes. Dat sil helpe om it úteinlik foar elk bern yn Fryslân fanselssprekkend te meitsjen dat Frysk in plak hat yn de opfang.

Oanbefellings

Yn it ljocht fan boppesteande docht DINGtiid de folgjende oanrikkemandaasjes om de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze te ferbetterjen:

Stjoering

- **Provinsje Fryslân/Ryk: Nim konkrete, mjitbere doelstellings op yn de nije BFTK en stjoer dêrop.** Provinsje en Ryk ha yn de BFTK 2019-2023 harren ambysjes foar de foarskoalske faze net konkretisearre, wêrtroch't der eins net op stjoerd wurde kin. Provinsje en Ryk wurdt mei klam oanret om yn de nije BFTK dúdlike doelstellings te formulearjen yn de foarm fan oantallen lokaasjes, sadat der stjoerd wurde kin en de fuortgong goed monitord wurde kin.
- **Gemeenten/Provinsje: Kom ta gemeentlike doelstellings yn in Frysk Foarskoalsk Profyl per gemeente en jou gemeenten in aktivere rol en mear ferantwurdlikheid om dêrop te stjoeren en it Frysk op foarskoalske lokaasjes te stimulearjen.** Op it stuit binne guon opfangorganisaasjes ûnfoldwaande ree om sels de ferantwurdlikheid te nimmen om twatalich ûnderwiis oan te bieden: der leit ommers net in wetlike ferplichting op. Ynsette op in ekstra wetlike ferplichting is neffens it fjild lykwols net de oplossing.

Om te stjoeren op de doelstellings en it fjild dêrhinne te lieden, moat de Provinsje mear taken belizze by en mear prestaasjes freegje fan gemeenten. De provinsjebrede doelstellings út de BFTK kinne as fleantsjil wurkje troch dy oer te setten nei gemeentlik nivo. Meitsje foar elke Taalwetgemeente in eigen *Frysk Foarskoalsk Profyl*, mei prestaasjeôfspraken oer sprieding en oantallen twatalige lokaasjes. Gemeenten kinne dan troch de Provinsje ferantwurdlik hâlden wurde foar it tal twatalige lokaasjes op harren grûngebiet.

As de Provinsje mear fan gemeenten freget, doarre gemeenten mear fan de opfangorganisaasjes te freegjen. Gemeenten hawwe by útstek de posysje om opfangorganisaasjes te freegjen om har oan te sluten by SFBO en twatalich te wurden. Dat kin bygelyks troch

dy winsk op te nimmen yn it belied. De boarging wurdt fersterke as saken oer twataligens op berne-opfanglokaasjes dellein wurde yn in gemeentlike feroardering of subsydzjeregeling. Gemeenten kinne boppedat wurkje oan in brede netwurkbenadering, wêryn't maatskiplike en oerheidsynstellings elkoar moetsje. Tink dêrby oan organisaasjes dy't no al in soad oan it Frysk dogge lykas biblioteken en konsultaasjeburo's. Meielkoar kinne dy organisaasjes de berne-opfanglokaasjes stypje om it Frysk te fersterkjen (sjoch ek it foarbyld fan Waadhoeke). De gemeenten kinne sa in wichtige rol spylje om it oanbod fan twatalige opfang te fersterkjen.

Opliedings

- **Provinsje Fryslân/Ryk: It Frysk en meartalige ûntwikkeling moatte in fêster plak krije binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker.** Om it Frysk en meartalige ûntwikkeling in fêster plak te jaan binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker is ynset nedich om it lanlike kwalifikaasjedossier oanpasse te litten. It kwalifikaasjedossier jout oan wêr't mbû-studenten oan 'e ein fan harren oplieding oan foldwaan moatte en wat sy witte moatte. Nim, yn 'e line fan de resultaten fan it MIND-team, yn it kwalifikaasjedossier foar pedagogysk meiwurkers op dat hja kennis hawwe fan talige diversiteit en meartalige taalûntwikkeling. Dêrneist is it winsklik om in spesifike tafoeging lykas yn de Wet Berne-opfang ta te heakjen oan it kwalifikaasjedossier. Nammentlik dizze: op berneopfanglokaasjes yn gebieten "[daar] waar naast de Nederlandse taal, de Friese taal of een streektaal in levend gebruik is," wurdt fan pedagogyske meiwurkers ferûndersteld dat hja adekwate passive en aktive kennis fan dy talen hawwe.

5 Boarnen

- CBS. (2022). *Formele kinderopvang*. Fan CBS: <https://www.cbs.nl/nl-nl/nieuws/2020/24/gemiddeld-500-euro-coronavergoeding-voor-ontvangers-kinderopvangtoeslag/formele-kinderopvang>
- Committee of Experts. (2019, novimber 5). *Sixth Report – The Netherlands*. Fan Council of Europe: <https://rm.coe.int/ecrml-netherlands-6th-evaluation-report/16809f023f>
- Committee of Ministers. (2020, septimber 23). *Recommendation CM/RecChL(2020)3 of the Committee of Ministers to member States on the application of the European Charter for Regional or Minority Languages by the Netherlands*. Fan Council of Europe: https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016809fab3c
- Council of Europe. (1992). *European Charter for Regional or Minority Languages*. Fan Council of Europe: <https://rm.coe.int/1680695175>
- Council of Europe. (2022). *About the Framework Convention for the Protection of National Minorities*. From Council of Europe: <https://www.coe.int/en/web/minorities/at-a-glance>
- Council of Europe. (2005, juny 1). *Ramtferdrach foar de beskerming fan Nasjonale minderheden*. From Council of Europe: <https://rm.coe.int/fcnm-frisian-translation/16808ef30b>
- Council of Europe. (2022). *The objectives of the European Charter for Regional or Minority Languages*. Fan Council of Europe: <https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/the-objectives-of-the-charter>
- Cummins, J. (2001). *Bilingual Children's Mother Tongue: Why is it important for education?* Fan Sprogforum: https://www.lavplu.eu/central/bibliografie/cummins_eng.pdf
- de Graaf, A., Delarue, S., & De Coninck, K. (2019). *Antwoorden op vragen over omgaan met meertaligheid in het onderwijs in het Nederlandse taalgebied*. Fan Taalunie: <https://taalunie.org/publicaties/53/antwoorden-op-vragen-over-omgaan-met-meertaligheid-in-het-onderwijs-in-het-nederlandse-taalgebied>
- Ynspeksje fan it Underwiis. (2022). *Kinderopvang*. Fan Onderwijsinspectie: <https://www.onderwijsinspectie.nl/onderwijssectoren/kinderopvang>
- Kingma, J. (2022). *In takomstbestindige taalynfrastruktuer yn Fryslân – In komparatyf ûndersyk nei regionale taalynfrastruktueren yn Europa*. Ljouwert.
- Mercator Europeesk Kenissintrum foar Meertaligens en Taallearen. (2021). *In stúdzje nei de wurking en útwurking fan de Bestjoersôfspraak Fryske*

- Taal en Kultuer (BFTK)*. Ljouwert: Mercator Europeesk Kenissintrum foar Meertaligens en Taallearen.
- MIND-team. (2021). *Meertaligheid in dagopvang – Een onderzoek naar de effecten van het gebruik van twee talen op het kinderdagverblijf*. Amsterdam: Universiteit van Amsterdam.
- Overheid. (2014, jannewaris 1). *Wet gebrûk Fryske taal*. Fan Overheid: <https://wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01>
- Oerheid. (2022,-a, april 1). *Wet Kinderopvang*. Fan Overheid: <https://wetten.overheid.nl/BWBR0017017/2022-04-01>
- Oerheid. (2022, jannewaris 25). *Subsidieregeling Peuteropvang en Voor- en vroegschoolse educatie, gemeente Waadhoeke 2022*. Fan Overheid: <https://lokaleregelgeving.overheid.nl/CVDR671895/1#d128545669e41>
- Provinsje Fryslân. (2020). *De Fryske taalatlas 2019*. Ljouwert: Provinsje Fryslân.
- Provinsje Fryslân. (2021, novimber). *Projektplan Taalplan Frysk 2030*. Fan Taalplan Frysk: https://taalplan.frl/site/wp-content/uploads/2021/12/TF2030_Projectplan_2021_toegankelijk_totaal_beeldscherm.pdf
- Provinsje Fryslân. (2022,-b). *Frysk foar no en letter 2021-2024*. Fan Provinsje Fryslân: <https://www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter>
- Provinsje Fryslân. (g.d.-a). *Wat is Taalplan Frysk 2030?* Fan Taalplan 2030: <https://taalplan.frl/wat-is-taalplan-frysk-fr/>
- Provinsje Fryslân. (g.d.-b). *Taalplan Frysk 2030*. Fan Taalplan Frysk 2030: <https://taalplan.frl/>
- Provinsje Fryslân. (g.d.-c). *Fries in het onderwijs*. Fan Provinsje Fryslân: <https://www.fryslan.frl/fries-in-het-onderwijs>
- Ryksoerheid. (2018, novimber 30). *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023*. Fan Rijksoverheid: <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/convenanten/2018/11/30/bestjoersofspraak-fryske-taal-en-kultuer-2019-2023>
- Ryksoerheid. (2021, maaie). *Zevende Rapportage van Nederland, inzake het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden*. Fan Rijksoverheid: <https://open.overheid.nl/repository/ronl-8b732f0a-b96d-4aa4-803c-35b5a881d60f/1/pdf/zevende-rapportage-nederland-europees-handvest-voor-regionale-talen-of-talen-van-minderheden.pdf>
- Ryksoerheid. (g.d.-a). *Krijgt mijn peuter of kleuter voorschoolse of vroegschoolse educatie (vve)?* Fan Rijksoverheid: <https://www.rijksoverheid.nl/onderwerpen/voorschoolse-en-vroegschoolse-educatie/vraag-en-antwoord/wat-is-voorschoolse-en-vroegschoolse-educatie-vve>

Ryksoerheid. (g.d.-b). *Kwaliteit kinderopvang*. Fan Rijksoverheid: <https://www.rijksoverheid.nl/onderwerpen/kinderopvang/kwaliteitseisen-kinderopvang-en-peuterspeelzalen>

Rutu foundation. (2022). *Translanguaging*. Fan Rutu foundation: <https://www.rutufoundation.org/translanguaging/>

SFBO. (2022,-b). *Oer SFBO*. Fan SFBO: <https://www.sfbo.nl/frl/oer-sfbo>

Versloot, A. (2020). Streektaaldood in de Lage Landen. *Taal en Tongval*, 72(1), pp. 7-16.

Wiersma, A. (2021, desimber 15). *Beleidsregel van de Staatssecretaris van Sociale Zaken en Werkgelegenheid*. Fan Staatscourant: <https://zoek.officielebekendmakingen.nl/stcrt-2021-49365.pdf>

Taheakke 1 Petearpartners

DINGtiid hat yn de rin fan dit ûndersyk fan de folgjende persoanen/ ynstânsjes ynput krigen:

- Afûk/Gemeenten en Frysk – Douwkje Douma
- Afûk/Wy binne mbû – Fokke Jagersma
- Cedin – Dorien Hamstra & Bernadet de Jager
- De Tarissing (Aldehaske) – Jaap-Jan van Leeuwen
- Gemeente De Fryske Marren – Lucienne Boelsma & Yde Wierda
- Gemeente Smellingerlân (skriftlike reaksje) – behannele troch Marcel Schuurmans
- Gemeente Waadhoeke – Jan Dijkstra, Sara Sietzema, Martinus Visser
- GGD Fryslân – Thea Zwart-Plokkaar
- Jelske Dijkstra – ûndersiker meartalige taalûntjouwing, persoanlike titel
- Kinderwoud (Nijehoarne) – Jitske de Boer
- NHL Stenden hogeschool – Sieta de Vries
- Provinsje Fryslân – Nienke Jet de Vries
- Sintrum Frysktalige Berne Opfang – Sytske de Boer

www.dingtiid.frl

ynfo@dingtiid.frl

© DINGtiid